



JA IK WOL... TINK IK

(Ja ik wil... denk ik)

Klucht yn trije bedriuwen

troch

NICO TORRENGA

Fryske oersetting

Toanielferiening "De Bûnte Hûn" út Westergeast

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **JA IK WOL... TINK IK - JA IK WIL... DENK IK** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NICO TORRENGA** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2017 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **6** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

Patricia van den Heuvel - húsdokter

Lucie - doktersassistinte

Janine - freondinne fan Patricia

Frou Etsje Paapst - pasjinte (kin ek as dûbelrol yn kombinaasje mei Janine)

Harm de Wilde - putsjeman

Truus Venema - pasjinte / húshâldster

Hetty Waalderen - pasjinte yn 1^e en 2^e bedriuw (kin as dûbelrol)

Muoike Fredrique von Dusselberg - muoike yn 3^e bedriuw (kin as dûbelrol)

Fjouwer as fiif froulju en ien as twa manlju.

Hetty en muoike kinne troch ien en deselde persoan spile wurde.

DEKÔR:

It is in ymprovisearre wachtkeamer. Links is in doar mei in rût. By it rût stean trije stuollen njonken mekoar. Rjochts is ek in doar en dêrby stiet in baalje/resepsje mei plankjes op 'e muorre (fleskes en sa) Yn it midden stiet in taffeltsje mei fjouwer stuollen. Tsjin de achtermuorre hinget in rekje mei folders. Fierders stiet der hjir en dêr wat boumateriaal (planken, ljedder of trepke) Op de tafel stiet it hiele stik troch in tsjinblêd mei kofje en bekerkes.

EARSTE BEDRIUW

(it is tongersdeitemoarn. As it doek iepen giet, sjogge we Lucie achter de resepsje; de telefoan giet)

LUCIE: Goeie moarn, mei de assistinte fan dokter van den Heuvel. Wêrmei kin ik jo helpe? Jo wolle in ôfspraak? In dûbele? Mei ik witte wêr't it oer giet? Jo sizze it leaver net? *(sjocht synysk)* It is goed hear, eh...*(sjocht yn 'e agenda)* kin jo om 11.00 oere komme? Nee, earder slagget net. Nee, 11.00 oere is it ienichste dat oerbliuwt fanmoarn *(draait mei de eagen)* Goed frou Venema, sjogge we jo om 11.00 oere. Nee, it slagget echt net earder, ja om 11.00 oere. *(leit de telefoan del en sjocht yn papierwurk, se is dwaande)* Gek mins, altyd hat se wol wat. Is it de blaas net, dan is it wol in bult yl. En hat se gjin lêst fan har tennisearm, dan binne it wol de terms of se hat wer es lêst fan hyperfentilaasje. Lêst fan de earen of eagen hat se noait. Se sjocht en heart alles. De Story is der neat by. Bin benijd...

HARM: *(bliid type/komt op mei wat boumateriaal en ark en set dit tsjin de muorre)* Goeie dei.

LUCIE: Goeie moarn Harm. Bist der ek wer?

HARM: Jawis. Earder kin ik ek net fuort, no?

LUCIE: Nee, dat kloppet. Do hast fêst goed sliept sa te sjen!

HARM: *(giet sitten)* No, echt net. Ik ha wer in nachtmerje hân.

LUCIE: Nee ju, dat mienst net hast seker wer oer my dreamd? *(laket)*

HARM: *(laket)* Dat is gjin nachtmerje; dat is in pracht fan in dream. Nee, it gie oer myn skoanmem, no ja eks. Om dat mins bin ik doe skieden. Ik hie amper ferkearing mei har dochter as se koe my al dea sjen. Ik wie net goed genôch foar har prinseske. Hawar, je binne jong en jo dogge wat. En foar't ik it wist stie ik achter de bernewein.

LUCIE: *(sjocht ferheard en giet by him sitten)* Jeetje, wie har dochter sa gau swanger dan?

HARM: *(sjocht ek ferheard)* Myn frou yn ferwachting? Nee, *(laket)* ik moast op it hûntsje fan skoanmem passe: "Felicia", in lyts kefferke; sa'n woarst op poatsjes dêr't de eagen hast út de holle weifalle. At se omfoel dan moast har wer op de poatsjes sette, sa dik wie se. Dêrom moast se ek yn in kuierweintsje sitte.

Dy Sjiewauwa hat krekt itselde karakter as myn eks-skoanmem. Se liket der oars ek wol op: it karakter en it uterlik. As se har sin net krige dan liet se de tosken sjen...

LUCIE: Wa?... Dat hûntsje?

HARM: Nee, skoanmem, wat in dragonder. Ik mocht har graach narje.

LUCIE: Koe se dêr wol oer?

HARM: Nee, fansels net, mar dêr luts ik my neat fan oan. It gie it iene ear yn en it oare... O ja dat moat ik dy even fertelle, dat is sa'n moai stikje. At eagen ien dea meitsje koenen... och man dat ferjit ik noait wer.

LUCIE: Wat bedoelst?

HARM: Op in dei kaam ik yn 'e keamer en dêr siet dy âld hekse. Se kaam hommels op fersite. Ik sei: "Ik hie wol tocht dat jo hjir sitte soene...". It krop siet har heech en se sei: "Hoe kinsto dat no witte as ik sa hommels delkom?". Ik sei: "Wêrom't ik it wit ? Dêr is gjin keunst oan: jo biezem stiet by de achterdoar!". *(beide laitsje)*

LUCIE: Och, se sil fêst ek har goeie kanten hawwe.

HARM: Neffens my net. It ienige goede wie dat se ek wer fuort gie. Tsja, ik wie yn in mearke telâne kommen; mei in prinses troud en de kweade skoanmem op de bank. *(beide laitsje)*

PATRICIA: *(komt op; se hat min sliëpt)* Goeie moarn, allegear.

HARM EN LUCIE: Goeie moarn.

PATRICIA: Hast al kofje Lucie?

LUCIE: Omtrint, ik sil wol even sjen. *(sjocht Patricia even goed oan)*
Komt dit wol goed mei dy?

PATRICIA: *(gappet)* It wie in koart nachtsje Lucie, mar ik kom de dei wol troch. *(Lucie giet rjochts ôf)*

HARM: Bêst fanke, dy Lucie.

PATRICIA: Ja, dat is se. Neat foar dy?

HARM: Lucie? Nee jong, ik bin doch gjin partij foar har.

PATRICIA: Stiest der wol iepen foar Harm, ik bedoel, foar in nije relaasje?

HARM: *(in bytsje skrutel)* Och, der is wol es ien dy't ik aardich fyn, mar ja ju, atst al sa lang allinne bist wurdt it der net makliker op. En boppedat is ien mislearre houlik wol genôch. Troud wêze kost in protte jild; skieden is noch folle djoerder. Hawar, je moatte der wat foar oer ha.

PATRICIA: *(fernuvere)* Wie it sa slim om troud te wêzen?

HARM: Myn eks wie in leaf fanke; as se wat mear foar harsels op kommen hie en wat minder nei mem lústere hie, dan wie it nei alle gedachten wol oars ferrûn.

PATRICIA: Wa wit wat der noch allegear gebeure kin *(jout Harm in tikje op de skouder)*

HARM: Ja, wa wit. As ik nochris in frou tref dy't my nimt sa't ik bin, dan wol ik it wolris besykje. Ynearsten bliuw ik moai allinnich. Dat

bin ik wend. En do dan? Moatsto net es oan 'e man?

PATRICIA: Ik, oan 'e man?! Moat der net oan tinke. Ik bin no sa frij as in fûgel. Der is net ien dy't seit wat ik dwaan moat. No ja, ús heit wolris mar dat is ek yn it belang fan myn praktyk. En hy hat ek wol gelyk fansels. Sjoch, ik mei bliid wêze dat heit my holpen hat, oars hie ik dit nea keapje kinnen. En om't ik de boel hjir noch opbouwe moat, ha ik him wol noadich.

HARM: Ja, yndie. Dêr meist bliid mei wêze. Guon minsken hawwe it gelok dat se rike âlders hawwe. Dat gelok ha ik noait hân. Ik wie fansels mei in ryk fanke troud, mar de skieding hat dêr gau in ein oan breide. Har mem hat der wol foar soarge dat ik gjin reade sint te makken ha. No ja, jild makket ek net gelokkich.

PATRICIA: Kloppet Harm, mar atst it net hast bist dea-ûngelokkich.

HARM: No fanke, nim fan my oan, trou net om it jild mar om de leafde.

PATRICIA: Ik sil der om tinke.

HARM: Dus... juster op stap west?

PATRICIA: Nee jong, ik net. Ik moast hjoed ommers oan 't wurk. Mar myn freondinne Janine wol. Dat is in grut feestnûmer. Ik bin even by har bleaun, mar doe waard it my te let. Ik ha de kastlein frege in taksy foar har te regeljen.

HARM: Koesto har net thús bringe?

PATRICIA: Ik hie fansels in pear wyntsjes achteroer slein en dan lit ik de auto stean. Ik bin ek mei in taksy thús kommen. As it goed is komt Janine hjoed om te helpen mei de nije wachtkeamer. Sels ha ik om 11.00 oere pasjinten stean, dus ha ik Janine frege om te helpen.

HARM: Janine my helpe?

PATRICIA: Ja, wêrom net? Se is aardich linich mei dit wurk hear.

HARM: Ik kin wol wat help brûke, mar Janine is wol in.....

PATRICIA: Sis, wy diskriminearje net no? Se kin somtiden wol wat nuver wêze, mar se hat in hert fan goud.

HARM: Neffens my wol se foar har freonen wol troch it fjoer fleane. Hjoed wol ik besykje it nije plafond der yn te krijen. Dan kin se my moai mei de gipsplaten helpe. (*Lucie komt op mei de kofje*)

PATRICIA: (*tsjin Harm*) Fansels wol! En wis en seker is se in goeie freondinne. Myn beppe sei altyd: "In bêste freon is krekt in klaverfjouwer: dreech te finen". Meist de hannen tichtknipe asto der ien hast. Is 't net sa Lucie?

LUCIE: No, as ik in freon sykje, nim ik wol in hûn. Do kinst noch sa lilik op se wêze, se stean altyd wer mei de sturt te giseljen.

HARM: O, dêrom hat myn eks-skoanmem in hûn: net ien oars hâldt it mei har út. (*Harm en Patricia laitsje*) Mar Lucie, ik wol ek wol foar

dy opsitte en poatsje jaan. (*Harm op 'e knibbels*)

LUCIE: Ja, it is goed mei dy. No earst mar even in bakje net? (*telefoan giet, Lucie nimt op*) Mei de assistinte fan dokter van den Heuvel? Goeie, frou van Waalderen. Jo wolle in ôfspraak? Mei ik freegje wat der oan de hân is? Oh, ja... dat is ferfelend. Jawis dat kin..... Om 11.20 oere, skikt dat? Bêst, sjogge wy jo dan.

PATRICIA: It is oant no ta in rêstige dei. Of net Lucie?

LUCIE: Dat is sa. Foar'tst it witst is it wer oars. (*telefoan*) Mei de assistinte fan dokter van den Heuveldei, frou Paapst (*sjocht ferheard*).... Jo witte dat ik net oer oare pasjinten prate mei..... oh, jo sitte njonken har.... Ja, 11.30 is noch frij. Bêst genôch, we sjogge jo dan, dei frou Paapst. No Patricia, do krijst se ek wol fanmoarn. (*de doarbel giet, Lucie links ôf en komt op mei Janine*)

JANINE: (*hat in flinke kater, ûnferskillich type*) Goeie allegear.

HARM: Moarn. (*laket*) Alles goed mei dy? It is krekt as is der in bus oer dy hinne riden.

JANINE: Sa fielt it wol ja. Man, wat in feest juster. Ik wit noch dat ik fan hûs gie en ik wit ek dat ik dêr fanmoarn wekker waard. Gelokkich yn myn eigen bêd en der lei net in frjemde keardel neist my.

LUCIE: (*skoddet mei de holle*) Do krijst earst in kopke kofje fan my en dan sil ik in drankje foar dy meitsje om dyn kater fuort te spielen.

JANINE: In sterk bakje kofje is genôch. Dy cocktails fan dy krij ik net troch de strôt. Wannear komme de pasjinten, Patricia?

PATRICIA: Om 11.00 oere de earste leau ik, is 't net sa Lucie?

LUCIE: Dat kin útkomme. Ik mei fansels gjin nammen neame, mar as ik sis dat de grutste eamel fan it doarp komt, dan witsto wol genôch.

PATRICIA: (*baalt ferskriklik*) Och nee wol, wat hat se no wer? Lêst fan in lykdoarne, koartslippe, ekseem? Of hat se wer in bult yl?

LUCIE: (*laket*) Nee, neat fan dat alles. Se woe it net sizze. Se woe in dûbele ôfspraak....en... it lei nochal gevoelich.

HARM: (*nijsgjirrich*) Ken ik har?

PATRICIA: Beropsgeheim Harm.

HARM: No moat it net mâlder. Do moatst sa mar tinke, it smyt wer wat jild op. Hoe mear krupsjes en lijen des te better... finansjeel dan hin, bedoel ik. Ja, de ferbouwing moat ek betelle wurde.

PATRICIA: Litte we kofjedrinke en dan oan it wurk. Foar't wy it witte is de earste pasjint der al en dan wol ik hjir net ien mear sjen. Sis, Janine, witsto überhaupt noch wol wat fan justerjûn?

JANINE: Nee, neat. Ik wit allinne dat ik in alder ferskuorrende pine holle ha, de beurs leech is, de klean smoarch binne en ik allinnich

op bêd lei.

HARM: Dy't nachts fisket ...

LUCIE: Ja, dat is sa Harm. (*tsjin Janine*) Mar atst in lekker ding neist dy lizzen hast dan wie it sa slim net west, of net Janine?

JANINE: Dêr hast gelyk oan. Mar ik ha it noch wol slimmer meimakke, Lucie.

LUCIE: (*nijsgjirrich*) Oh ja!!? Fertel, fertel...

HARM: Ik wit net atst dit wol hearre wolst.

JANINE: Doe't ik noch ferkearing hie mei Wim de Boer, waard ik in kear wekker makke troch in hiele lilke skoanmem.

HARM: (*sjocht ferheard op*) Dyn skoanmem? Wat dan, mocht it net... ik bedoel mei har soan sliepe?

JANINE: No mei har soan wol, mar net mei har man. (*allegear laitsje, Harm net*)

HARM: Ja, ja dat sil wol. Do kinst it moai sizze, Janine. (*stiet op*) Kom op. We moatte oan 't wurk. Der moat wat gebeure. De gipsplaten komme net fansels yn 't plafond. (*kofje opdrinke*)

LUCIE: Ja hup, hup, oan 't wurk. It is al hast healwei alven. (*rommet op; de oaren links ôf. Lucie bliuwt achter en makket de wachtkeamer ynoarder*) Sa, no earst de foardoar iepen meitsje foardat de earste pasjint der is. (*links ôf en wer op mei earste pasjint*) Kom der yn frou Venema. Sjoch mar net nei de rommel; we sitte midden yn in ferbouwing. Ik hoopje dat jo net te lang foar de doar stien ha te wachtsjen.

TRUUS: (*bytsje ûnnoazel type/wit sawat alles yn 't doarp*) Nee hear, ik kaam der krekt oan. Ja, ik tocht, ik gean mar op 'e tiid, tocht ik, want it soe ek wol drok wêze kinne, net. Ja en ik tocht dan moat ik straks ek noch in nûmerke lûke.

LUCIE: No, dat hoecht hjir net hear en boppedat bin jo hjoed de earste. De dokter kin elk momint by jo komme; sykje mar in plakje. Wol jo ek in bakje kofje?

TRUUS: Nee fanke, bêst oanbean hear, mar better fan net, tocht ik. Ik lês wol even wat, tink ik (*giet sitten*) Doch mar krekt as bin ik der net.

LUCIE: Prima. (*telefoan*) Mei de assistinte fan dokter van den Heuvel. Wat kin ik foar jo dwaan? Ah dei, menear de Vries. Hoe is it mei jo? Oh sorry, jawis. Oars soenen jo ek net belje... wat kin ik.....? (*Truus harket yntusken nijsgjirrich, achter har tydskrift*) Oh jee, dat is ferfelend... ja dat begryp ik... dus it lekt wer... wer in smoarge boel..., jawis ik sil it trochjaan oan Patricia... Ja, dat moat slagje, sadree it even kin, komt se by jo lâns. Nei de middei? Bêst, ik sil it sizze. Dei menear de Vries. (*Lucie giet rjochts ôf*)

TRUUS: Wat wie dat no wer... En hokker de Vries is dit? (*sit te tinken*)
Ik tink dy de Vries dy't achter my wennet. Dy is al op leeftiid en dan hast dat soarte fan problemen wolris, tink ik.

JANINE: (*links op*) Moarn frou, is Lucie troch dy doar gien?

TRUUS: (*ferheard*) Eh, ja... ja dêr is se hinnegien, tocht ik.

JANINE: Bêst genôch, dan sjoch ik dêr wol even. Ik hoopje dat se myn cocktailsje klear hat. (*rjochts ôf*)

TRUUS: Wa is dat no wer... Wat in healwiis skepsel, tocht ik. En no al oan de drank? Tsja de jongerein fan tsjinwurdich...

HARM: (*links op*) Ha dy Truus. Moast ek even nei dokter?

TRUUS: (*út 'e skroeven/se hat it fersjoen op Harm, mar wol dat net witte litte*) Hoi Harm. Ja bytiden moat dat wolris.

HARM: Wat mankearret der oan?

TRUUS: Dêr hearsto net nei te freegjen, tink ik sa.

HARM: Nee, do hast gelyk. Nim my net kwea ôf. (*giet neist har sitten*)

TRUUS: (*begien*) En do, hasto ek in ôfspraak mei dokter?

HARM: (*fertelt mei skamte*) Ja, ik wol even wat fan har witte. Ik wol by har te riede oer in privee kwestje... Ik kin it Lucie ek freegje fansels, mar yn dit gefal doch ik dat leaver oan Patricia sels. Guon dingen moatte jo wol mei dokter sels beprate. It is op 't lêst ek net neat; mar it uterlik wurdt der wol better fan. Snapst wol?

TRUUS: Ja, ja dat snap ik, tink ik. (*Harm rjochts ôf*) Al ha ik gjin idee... (*sjit har wat te binnen*) Hoewol... Hy is fansels wol skieden en hy sjocht der foar syn jierren bêst út, tocht ik. Hm, hy sil doch net fan dy pillen... (*hân foar de mûle, se skammet har*)... No ja je witte it tsjinwurdich mar noait!

HETTY: (*fleurich type*) Goeie dei.

TRUUS: Dei Hetty... dus do moast ek even nei dokter?

HETTY: No, der mankearret dy neat oan dyn eagen, fernim ik wol (*giet neist Truus sitten*)

TRUUS: Nee, dat kloppet, en wat wol dat sis ik net.

HETTY: (*begien*) Is it sa slim? Of kin it it deiljocht net ferneare?

TRUUS: Wat tinksto wol net fan my...?

HETTY: (*synysk*) Ik moast hjir om 11.20 oere wêze, as twadde. En do bist de earste om 11.00 oere. Dat betsjut in dûbele ôfspraak, dus... Of hast wer wat dûbel te eameljen?

TRUUS: Hoe krijst it yn 'e plasse!? Harkje, dan sil ik it sizze. It is neat medysk, sjoch...

HETTY: Neat medysk? Do komst hjir faaks net op 'e kofje.

TRUUS: (*hat der argewaasje fan*) Nee, neat medysk. Mar by Harm de Wilde nettsjinsteande...

HETTY: (*ferheard*) Harm de Wilde...? Wat is der mei him?

TRUUS: No, hy wie hjir nyskes. En hy sei dat er sels mei dokter te rie woe oer in privee kwestje. En hy woe der net mei Lucie oer prate. It lei nochal gevoelich. Dokter soe it better begripe, sei er. No, wat seist dêr fan?

HETTY: Tsja, dat kin fansels fan alles wêze.

TRUUS: Tink no es nei. In man, skieden, sjocht der bêst út... handich... moai hûs... en dan fan syn leeftyd. Ik tink dat hy dokter freget om dy blauwe...

HETTY: (*kappet Truus ôf*) Truus, doch net sa mâl... Dyn fantasije giet op 'e kletter. En dêrby, it giet ús net oan. Ik soe der fierders mar net oer prate, foardatst it witst gean de praatsjes de wrâld oer... it is makliker in hinnepyk werom yn 't aai te krijen, as rabberij ûngedien te meitsjen.

TRUUS: (*beskamme*) Dat is sa... tink ik.

HETTY: Mar wêrom bisto hjir dan?

TRUUS: (*grutsk*) Ik kom foar in baantsje. Ik sollisitearje foar ynterieurferssoarchster!

HETTY: (*ferheard*) Wat? Under it sprekoere? En dêr hasto in dûbele ôfspraak foar makke?

TRUUS: Ja. Ik ha ferline wike ek al belle, mar doe woe Lucie my net te wurd. No dat oerkomt my net in twadde kear, tocht ik. De fakatuere is der noch, dus...

HETTY: Mar wêrom? Do hast doch in baan?

TRUUS: Net lang mear. Ferline wike krigen we allegear te hearren dat it tehûs ticht giet.

HETTY: (*nonsjalant*) Dan krigest doch in WW-útkearing?

TRUUS: (*bedimmet*) Ja, dat kloppet, mar myn fêste lêsten bliuwe itselde. Myn Jan hat altyd syn bêst dien, mar no't dy stumper der net mear is, falt it foar my net ta om rûn te kommen. Grif net mei dy besunigingen fan hjoed-de-dei.

HETTY: (*suchtet*) Ja, ús mem sei altyd al: "As it skip te sink giet, giet de lading ek".....

TRUUS: Sa is 't mar krekt.

HETTY: Is der noch nijs yn it doarp?

TRUUS: (*bliid*) No, dat sil ik dy sizze. Doe't ik hjir niiskrekt wie, gie de telefoan... In sekere de Vries... Hy hie lêst fan lekkerij... neffens my is it myn achterbuorman... Dy koe wol net sa'n sterke blaas ha, want ik sjoch om it hurtsje it ljocht by him yn 'e wc oangean, dus ik tink...

HETTY: No dat ferbaasd my net. Hy wol ek noait wat drinke at hy de krante by my wei hellet.

TRUUS: Wat hear ik no? Lêsto de krante mei him?

HETTY: Ja... sûnt in pear wiken.

TRUUS: Mar do wennest net iens by him yn 'e buert! Net sa handich... Of hasto it op him fersjoen?

HETTY: Ik...? Op him fersjoen...? Och minske, tink dy es yn. Hast wol es goed nei him sjoen?

TRUUS: No ja, ik wurd der net waarm of kâld fan...

HETTY: (*laket*) Ik ek net. Al siet ik mei him yn in teepot, dan gie ik der troch de tute wer út.

PATRICIA: (*rjochts op*) Frou Venema? Kom mar hear.

TRUUS: (*tsjin de beide froulju*) No, dat waard tiid ek, tocht ik.

HETTY: Sukkes Truus. (*Truus en Patricia ôf*) It is my ek wol wat. Moat sa'n frou noch wer sollisitearje. En wat sei se oer Harm?! Kreaze man, moai hûs. Soe se... (*Janine en Lucie fan rjochts laitsjend op en links wer ôf*) Wa soe dat no wer wêze?

LUCIE: (*links op*) Sa, no earst mar es fierder mei de administraasje.

HARM: (*rjochts op*) Sa, dat wit ik dan ek wer... Oh, goeie Hetty. Moatst ek even by dokter wêze?

HETTY: Jawis. Do tinkst doch net dat ik foar in prakje soerkoal kom wol...?

HARM: No, wat bin we wer skerp net ...

HETTY: Ik ha neat slims hear. Ik moat allinnich wat rie ha...

HARM: Moai dat it net wat slims is, mar dêrom kin it noch wol ferfelend wêze.

HETTY: Dat is wier, dat is it ek.

HARM: Wat hast dan?

HETTY: Ik ha wat lêst fan de... Fan de... do witst wol (*wiist nei har bilwurk*)

HARM: In grauwe kont? (*Hetty sjocht lilik*) Ik ha gjin idee wêr'tsto it oer hast.

HETTY: Ik ha wat lêst fan... (*flústert*) ...de trochgong...

HARM: No dêr ha ik perfoarst gjin lêst fan. (*laket*)

HETTY: Wês mar bliid, Harm. (*nijsgjirrich*) Mei dy ek alles wol goed fierders?

HARM: Ja hear, alles is goed. (*giet oerein en tsjin Lucie; Hetty lústert stikem mei*) Ik ha even mei Patricia yn petear west en ik wit wat ik dwaan kin. De manier fan oanpak wie noch even in diskusje, mar ik tink dat we it wol iens binne. It is wol in yngewikkelde operaasje. Gelokkich kin Patricia wol in pear mantsjes dy't dat wol kinne. En dêr moat ik mar op fertrouwe, of net dan?

LUCIE: No, sa is it.

HARM: It kostet wat, mar dan hast ek wat. Ik gean mar even fierder yn 'e wachtkeamer. (*links ôf*)

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto